

## Earste snein fan 'e hjerst

grien

18 / 24 septimber

ELT: XVIII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 20; RKT: 25e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan Ferhear, o Hear, it gebed fan dy't om Jo smeeke neffens de segen dy't Aäron oer jo folk útsprutsen hat.

(Jezus Sirach 36:16)

Psalm Ik wie bliid, doe't se tsjin my seinen:  
Wy geane nei it hûs fan 'e HEARE.  
No steane ús fuotten dan yn dyn poarten, o Jeruzalem.  
Bid om frede foar Jeruzalem, om rêst foar dy't fan dy hâlde.  
Mei der frede wêze binnen dyn muorre, rêst yn dyn stinzen.

(Psalm 122:1,2,6,7)

of: (berime) Ps. 122:1,[2,]3

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Ivige God,  
toan ús jo barmhertichheid,  
dat de twivel oan ús eigen fertsjinsten ús net oermânsk wurdt.  
Mar jou ús, sa bidde wy,  
dat wy ûnderfine dat Jo ús ferjouwe.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Ezechiël 34:20-31

Graduale Ps. 135:1,3,7,10

Epistel 1 Korintiërs 1:4-9

Halleluja Halleluja. Priizgje de HEARE, want Hy is goed, besjong syn Namme, want dy is leaflik. Halleluja.

Evangeelje Mattéus 22:34-46

Liet fan 'e snein Ges. 62: Dy't earen om te hearren hat

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Alles wat Jo fan ús ferwachtsje, God,  
hawwe Jo ús dúdlik makke:  
Jo leafhawwe boppe alles  
en de neiste sa't wy ússels leafhawwe.  
Lit de freugde om jo geboaden  
ús befrije fan sloffens en sleuwens,  
ús hoedzje foar stilstean,  
en ús oantrúnje om jo wil te dwaan.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Libbene God,  
Jo dy't rjochtfearnich binne yn al jo dwaan,  
jou ús jo Geast  
en kom mei jo Wurd fan leafde  
yn ús fermidden.  
Lear ús te sjen mei jo eagen  
en lit jo Soan Jezus  
ús de rynske leafde kennen leare  
dy't de wrâld rêde sil,  
dizze oere en al ús dagen.

**Amen.**

Profeten	Jona 3:10-4:11
Antwurdpsalm	Psalm 145:1-12
Evangeelje	Mattéus 20:1-16

*Eingebed*

Jo, dy't ús de ierde tabetrouwe;  
lit ús wurkje yn jo wynhûf,  
en jou dat wy inoar  
de romte gunne om te libjen,  
freonskip en minsklike soarch,  
dat de ierde in plak wurdt  
dêr't minsken alle dagen fine  
wat se nedich hawwe  
en dêr't de hope op frede net útdwêst,  
dizze dei en al ús dagen.

**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't de ierde roppe  
ta in plak  
dêr't minsken en folken  
yn frede wenje kinne,  
Jo, dy't yn tekens en wûnders  
jo Namme bekend makke ha,  
siedzjejo Wurd yn ús fermidden  
dat wy fruchten drage  
fan gerjochtichheid en frede  
en alle minsken yn hope libje,  
troch jo Soan, Jezus Kristus,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Deuteronomium 13:1-5
Antwurdpsalm	Psalm 139:13-24
Evangeelje	Markus 9:30-37

### *Eingebed*

Jo, dy't ferburgen binne,  
ferhear ús as wy bidde  
om frede en gerjochtichheid  
en wiis ús de wiere wei yn Him  
dy't om ús allegearre  
de minste wurde woe:  
Jezus, de tsjinstfeint fan ús lok,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Trouwe God,  
Jo, dy't antwurdzje  
as wy ta Jo roppe,  
bring ús yn 'e stilte  
dêr't jo wurden  
foar ús iepengeane.  
Jou ús yn Jezus,  
jo Rjochtfeardige,  
it ljocht dêr't minsken  
inoar troch fine  
om as bruorren en susters  
mei-inoar te libjen,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Amos 8:4-7
Antwurdpsalm	Psalm 138
Evangeelje	Lukas 16:1-[8] 17

### *Eingebed*

Jo yn waans Namme  
wy ús krêft fine,  
werskep ús allegearre  
neffens it byld fan Jezus,  
de nije Adam,  
dat wy jo ierde  
tsjinje en bewarje  
yn trou dy't rjocht docht,  
yn leafde dy't mienskip skept,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## Twadde snein fan 'e hjerst

grien

25 septimber / 1 oktober

ELT: XIX nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 21; RKT: 26e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan

Ik bin dyn útrêding.

As se My roppe, sil ik harkje.

(Psalm 35:3b;34:18a)

Psalm

Ik wol de mûle iepen dwaan foar in riedselspreuk, ik wol riedsels opjaan fan de foartiid.

Wat wy heard en fernommen hawwe, wat de foarfaars ús ferhelle hawwe, dat wolle wy foar har bern net ferswije, wy ferhelje it oan it kommend geslacht: de romrofte deden en de macht fan de HEARE,

de wûnders dy't Er dien hat.

(Psalm 78:2-4)

of: (berime)

Ps. 78:1,2,3

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, God, himelske Heit,

Jo jouwe ús de moed om it goede te dwaan.

Jou oan jo tsjinners, sa bidde wy, de frede dy't de wrâld net jaan kin.

Jou dat wy mei hert en siel

oan jo geboaden hingje,

dat wy net yn noed hoege te sitten

mar ús feilich witte yn jo hoede.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 8:4-6,11; 9:5,9-10,23-24

Graduale

Ps. 107: 1,2,3,4

Epistel

Efeziërs 4:22-32

Halleluja

Halleluja. Jo geunst, HEARE, duorret ivich.

Lit it wurk fan jo hannen net farre!

Halleluja.

Evangeelje

Mattéus 9:1-8

Liet fan 'e snein

Ges. 408: No bringe wy de Heare

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Dat Jo aloan ree binne  
om ús te ferdragen en te ferjaan,  
dêrút sjogge wy, o God,  
dat Jo grut binne.  
Hâld ús by de hân  
as wy jo wei geane  
mei stroffeljen en oereinkommen  
en ferwaarmje sa ús hert  
dat wy ek genedich binne  
foar minsken lykas wy.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús roppe ta gerjochtichheid,  
wês hjir by ús  
mei jo libbenmeitsjende Geast  
en iepenje ús foar Him  
dy'tjo Wurd oan 'e ein ta  
folbrocht hat,  
Jezus, ús broer.  
Lit syn betinken  
fleis en bloed yn ús wurde,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

Profeten	Ezechiël 18:1-4, 25-32
Antwurdpsalm	Psalm 25:1-10
Evangeelje	Mattéus 21:23-32

*Eingebed*

Skeppende God,  
stjoer ús út  
yn jo wynhûf oer de ierde  
om yn wurd en died  
gerjochtichheid te dwaan  
en de wrâld fruchtber te meitsjen  
yn minsklikens dy't bliuwt  
en fersoening dy't ús allegearre

opbout ta mienskip,  
dizze dei en al ús dagen.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Libbene God,  
iepenje ús it herte  
foar jo goede wurden  
en meitsje ús ûntfanklik  
foar it waaien fan de Geast.  
Werskep de ierde ta in hûs  
dêr't leafde it lêste wurd hat,  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze oere en al ús dagen,  
**Amen.**

Tora	Numeri 11:24-29
Antwurdpsalm	Psalm 19:8-15
Evangeelje	Markus 9:38-50

### *Eingebed*

As Jo Geast, God, ús besielet,  
wat kin ús dan noch deare?  
Wy tankje Jo  
foar it betrouber wurd  
fan Jezus, jo Soan,  
dy't ús betrouwen jout yn Jo,  
dy't ús oer gâns paden  
nei frede liede,  
dizze dei en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, ivige boarne  
fan al wat libbet,  
sprekjo Wurd  
hjir yn ús fermidden  
en werskep ús allegearre  
neffens it byld fan Jezus,  
de nije Adam,  
ta minsken dy't rjocht dogge,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Amos 6:1-10
Antwurdpsalm	Psalm 146
Evangeelje	Lukas 16:19-31

### *Eingebed*

God fan Mozes en de Profeten:  
wy hajo Wurden heard  
en Him erkend  
yn Wa't se folbrocht wurde:  
Jezus, de wiere soan fan Abraham.  
Lit ús jo bern wurde  
troch syn wurd  
en lit syn Geast  
ús besielje ta leafde foar allegearre,  
hjoed en al ús dagen.  
**Amen.**



## Tredde snein fan 'e hjerst

grien

2 / 8 oktober

ELT: XX nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 22; RKT: 27e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon

Meitsje de eare fan jo namme noch  
grutter, Hear en doch mei ús neffens jo  
grutte barmhertichheid.

(Earste taheakke op it boek Daniël:42-43)

Psalm

Myn siele longeret op jo heil  
en jo wurd is myn hope.  
Myn eagen hawwe langst nei wat Jo  
tasein ha  
en freegje: Wannear sille Jo my treaste?  
Jou my libben, goedgeunstich dat Jo binne,  
dan hâld ik my oan wat Jo ferklearre  
hawwe.

Ivich, HEARE, is jo wurd,  
it stiet yn 'e himel fêst.

(Psalm 119:81-82,88-89)

of: (berime)

Ps. 119:21,22,23

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, God, himelske Heit,  
út 'e grûn fan ús hert bidde wy Jo:  
bewarje ús foar de mûklisten fan de Kweade  
dy't him yn en om ús tjirget.

Meitsje ús stânfêst,  
dat wy mei ús hiele hert by Jo bliuwe,  
dy't allinne God binne.

Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Jeremia 31:31-34

Graduale

Ps. 138

Epistel

Efeziërs 5:15-21

Halleluja

Halleluja. Ik wol my bûge nei jo hillige  
timpel en jo Namme tankje om jo geunst  
en trou. Halleluja.

Evangeelje

Mattéus 22:1-14

Liet fan 'e snein

Ges. 288: Hoe sillich as foar jimmer

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Jo goedens, o God, is de ein fan wei,  
Jo jouwe ús helte mear  
as wat wy fertsjinje of winskje.  
Lit ús hert oerrinne fan jo leafde,  
wol ús befrije fan wat ús benearet  
en ús sa besielje en bemoedigje  
dat wy jo betrouwen net beskamje.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't mei leafde  
oer ús as minsken sprekke,  
jou ljocht yn ús bestean,  
iepenje úsjo Wurd  
en lit ús de leafde ûnderfine,  
dêr't Jo de wrâld mei fernije  
en bewarje wolle,  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen  
oant yn ivichheid.

**Amen.**

Profeten	Jesaja 5:1-7
Antwurdpsalm	Psalm 80:9-20
Evangeelje	Mattéus 21:33-43

*Eingebed*

Jo, dy't ús libben bewarje sille,  
lûk de hannen net ôf  
fan jo wyngerd, ús wrâld.  
Lit dêr gerjochtichheid opbloeie,  
dat minsken as inoars gelikens  
mei-elkoar op ierde libje kinne  
ûnder de hoede fan jo himel,  
dizze dei en al ús dagen  
oant yn 'e freugde fan jo ivichheid.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Hear, Jo roppe minsken  
om yn leafde en trou  
fan de ierde  
in hûs fan frede te meitsjen.  
Jou ús  
de waarmte fan jo Wurd,  
dat wy yn jo ferbûn  
rommer sykhelje kinne  
as nije minsken  
neffens it byld fan Jezus, jo Soan,  
dy't ús bestean ferljochtet,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	Maleächy 2:10-16
Antwurdpsalm	Psalm 8 [128]
Evangeelje	Markus 10:1-16

### *Eingebed*

Jo, dy't ús libben fernije  
troch de krêft fan jo Geast,  
jou frede en ferbûnens  
oan minsken en folken,  
dat de wrâld goed wurdt,  
sa't Jo dy bedoeld hawwe  
al sûnt it begjin,  
no en altyd,  
oant yn ivichheid.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't oan minsken yn need  
jo wurd fan tasizzing jouwe,  
iepenje ús hert foar jo befrijing  
en lear ús te fertrouwen  
op Him dy't jo boadskip bringt:  
Jezus Messias, jo profeet,  
dat wy tenei fol hope  
troch it libben geane,  
dizze oere en al ús dagen.

**Amen.**

Profeten	Habakkuk 3:1-3, 16-19
Antwurdpsalm	Psalm 37:1-11
Evangeelje	Lukas 17:1-10

### *Eingebied*

Jo,  
dy't ús tiid fan libjen jouwe:  
jou ús fertrouwen yn jo wurden  
en lit ús wegen fine  
dy't ta frede liede.  
Stjoer ús hjirwei út  
om elkoar yn alle ienfâld te tsjinjen  
en op te bouwen ta mienskip,  
dan wurdt it libben goed  
foar jo eagen,  
hjoed en al ús dagen.

**Amen.**

## Fjirde snein fan 'e hjerst

grien

9 / 15 oktober

ELT: XXI nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 23; RKT: 28e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan

HEARE Heare, almachtige Kening,  
alles is yn jo macht, en der is net ien dy't  
it tsjin Jo yn 'e kant set.

(Ester [Apokryf] C:2)

Psalm

Lit jo geunst oer my komme, HEARE,  
en jo heil, lykas Jo tasein hawwe.  
Dy't my hunet kin ik dan te reden stean,  
want ik rekkenje op jo wurd.  
Dan jou ik oan keningen jo útspraken  
troch  
en dêr hoech ik my net foar te skamjen.  
Dan fyn ik myn wille yn jo geboaden,  
dêr't ik sa wiis mei bin.

(Psalm 119:41-42,46-47)

of: (berime)

Ps. 119:11,12

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

O Hear, ús God,  
hoedzje en noedzje jo bern aloan yn jo leafde,  
wol har bewarje foar wat tsjin jo wil yngiet,  
sa bidde wy Jo,  
dat wy nei Jo harkje en frucht drage,  
tawijd oan jo Namme.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten

Ezechiël 18:1-19 [24]

Graduale

Ps. 145:1,5,6

Epistel

Efeziërs 6:10-17

Halleluja

Halleluja. Lit al wat yn my is de HEARE  
priizgje, ik priizgje de HEARE myn libben  
lang. Foar myn God wol ik psalmsjonge  
salang as ik der bin. Halleluja.

Evangeelje

Johannes 4:47-54

Liet fan 'e snein

Ges. 458: Ta Jo is it, Hear, dat ik gean

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

O God, lit jo genede om ús hinne wêze,  
ús hâld en stjoer jaan  
en ta stipe wêze,  
dat wy ús burgen witte by Jo  
en der aloan op út binne  
om jo wil te dwaan.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Hear,  
Jo wolle troch de amme fan jo Geast  
alle minsken ferienigje  
om Jezus, jo Soan, hinne;  
wy bidde Jo:  
lit syn Wurd  
ús it paad dêrhinne wize  
en ús libben sin en doel jaan,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 25:1-10a
Antwurdpsalm	Psalm 23
Evangeelje	Mattéus 22:1-14

*Eingebed*

Hoeder fan minsken,  
lit jo ryk op ierde komme  
yn rjocht en fermoedsoening,  
lit jo Namme alle minsken  
gearbringe yn it hûs,  
dêr't Jezus de hoekstien fan is,  
hecht en betrouber,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Hear, Jo binne de boarne  
fan alle hoop en libbenskrêft,  
Jo hâlde hert en hân foar ús iepen,  
jou alle minsken op ierde  
betrouwen yn 'e wurden  
dy't Jo sprekke  
en lit ús lykje op Him  
dy't it byld is  
fan jo leafde foar minsken,  
Jezus, ús reisgenoat,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Tora	Deuteronomium 15:1-11
Antwurdpsalm	Psalm 119:121-128
Evangeelje	Markus 10:17-31

### *Eingebed*

Goede God,  
wy tankje Jo  
foar de rykdom en de wysheid  
dy't Jo ús skonken hawwe  
yn Jezus, ús broer.  
Wy bidde Jo:  
printsje ús syn wurden yn it hert  
dat wy se folbringe  
en minsken wurde  
dy't elkoar ferrykje en ferwaarmje  
mei leafde, gerjochtichheid en hope,  
hjoed en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Ivige God,  
betoan ús jo ûntferming  
hjir yn jo hûs;  
sprek jo Wurd ta ús,  
dat ús fan frjemden  
freonen makket,  
fan siken sûnen,  
om 'e wille fan Jezus Messias,  
ús Hielmaster,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen**

Profeten	2 Keningen 17:[5-7] 24,29-34
Antwurdpsalm	Psalm 113 [111]
Evangeelje	Lukas 17:11-19

### *Eingebed*

Jo, dy't noed foar ús steane  
yn Jezus, ús broer,  
lit syn hieljende krêft  
ús en alle minsken op ierde  
fernije en werskeppe,  
dat wy yn tankberens  
de wrâld opbouwe ta frede,  
dizze dei en al ús dagen.  
**Amen.**



## Fiifde snein fan 'e hjerst

grien

16 / 22 oktober

ELT: XXII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 24; RKT: 29e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon                   As Jo, HEARE, my de sûnden oanrekkenje,  
                                  o Hear, wa kin dan steande bliuwe?  
Mar Jo kinne ferjaan  
en dêrom hat men ûntsach foar Jo.  
(Psalm 130:3-4)

Psalm                       Ik wachtsje op de HEARE,  
                                  mei hert en siel wachtsje ik,  
                                  ik hoopje op syn belofte.  
Mei hert en siel sjoch ik út nei de Heare,  
                                  mear as wachters nei de moarntyd.  
Wachtsje, Israel, op de HEARE,  
                                  want by de HEARE is genede,  
                                  by Him is folsleine ferlossing.  
Ja, Hy sil Israel ferlosse  
                                  fan alle ûngerjochtichheid.  
(Psalm 130:5-8)

of: (berime)               Ps. 130

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Jo, Ivige, God boppe alle machten,  
dy't ús dei oan dei ferjout,  
wy bidde Jo:  
jou ús jo hillige Geast,  
dy't jo barmhertichheid ús yn it herte printet,  
dat wy ek ús bruorren en susters  
fan herten ferjouwe.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten	Ezechiël 33:7-16 [20]
Graduale	Ps. 90:1,2,8
Epistel	Filippiërs 1:[3] 6-11
Halleluja	Halleluja. Hy genêst de brutsenen fan hert en Hy ferbynt har wûnen. Halleluja.
Evangeelje	Mattéus 18:[21] 23-35
Liet fan 'e snein	Ges. 426: Soe ik dan net ivich sjonge

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

God, Jo dy't boppe alle machten steane  
en troch de tiden hinne ús God binne,  
ien ding freegje wy fan Jo:  
dat Jo ús yn steat stelle  
om aloan op 'e nij jo wil te dwaan  
en mei ús hiele hert Jo te tsjinjen.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't minsken foarme ha,  
lit jo Wurd klinke  
hjir yn ús fermidden  
en rop ús by de namme,  
feroarje ús allegearre,  
dat wy lykje op Him  
dêr't Jo sa wiis mei binne:  
Jezus, jo Salvling,  
dy't ús jo wei yn wierheid leard hat,  
dizze oere en al ús libbensdagen,  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 45:1-7
Antwurdpsalm	Psalm 96
Evangeelje	Mattéus 22:15-22

*Eingebed*

Skepper fan alles wat bestiet,  
lear ús yn 'e wegen  
fan jo Soan te gean  
en jou dat rûnom op ierde  
gerjochtichheid it wint  
fan kwea en geweld.  
Lit ús allegearre lykje op Him  
dy't yn wierheid jo byld is,  
Jezus, ús foargonger,  
dy't ús it libben wiist,  
dizze oere en al ús dagen.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Trouwe God,  
Jo dy't rjochtfearnich binne  
en swakke minsken helpe,  
iepenje ús foarjo Wurd  
en rjochtsje ús eagen op Him  
dy't jo tsjinner wurden is  
en yn alles  
jo wil folbrocht hat.  
Lit syn Geast oer ús komme,  
dat wy Him folgje kinne,  
Jezus, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 29:18-24
Antwurdpsalm	Psalm 124
Evangeelje	Markus 10:32-45

### *Eingebed*

Jo,  
dy't ús it goede plak wize,  
rop ús oan 'e kant  
fan earmen en ferhúddûken,  
om harren oerein te helpen  
en leafde te jaan,  
lykas Jezus, jo Soan,  
en meitsje ús sà  
minsken nei jo hert,  
bruorren en susters fan elkoar,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús net loslitte,  
mar ús segenje wolle mei jo krêft,  
kom mei jo Geast yn ús fermidden,  
kom by ús,  
no't wy byinoar kommen binne yn jo Namme  
en lit it wurd fan Jezus, jo Soan,  
hoopfolle minsken fan ús meitsje,  
dat wy net fersleaukje  
yn ús betrouwen op Jo,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Genesis 32:22-31
Antwurdpsalm	Psalm 121
Evangeelje	Lukas 18:1-8

### *Eingebied*

Skepper fan himel en ierde,  
wy tankje Jo,  
om't Jo ús hoedzje en noedzje,  
ferhear ús bidden  
en jou wat goed foar ús is:  
leafde foar minsken,  
dat wy har oan har rjocht helpe,  
en betrouwen op Him  
dy't ús jo Namme bekend makket,  
Jezus, ús broer,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## Sechsde snein fan 'e hjerst

grien

23 / 29 oktober

ELT: XXIII nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 25; RKT: 30e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan           As ik my midden yn 't gefaar bejaan moat,  
litte Jo my it libben hâlde.  
Jo rjochterhân, dy rêdt my.  
(Psalm 138:7)

Psalm               Ik wol my bûge nei jo hillige timpel  
en jo namme tankje om jo geunst en trou.  
Want Jo hawwe jo namme enjo Wurd  
oermjitte grut makke.  
Doe't ik rôp, ha Jo my antwurd jûn,  
myn libbenskrêft hawwe Jo fersterke.  
Ferheven is de HEARE  
en dochs sjocht Er de needrige,  
en fan fierren ken Er de heechmoedige.  
(Psalm 138:2-3,6)

of: (berime)       Ps. 138

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Jo, o God, fol fan genede,  
yn jo Soan ha Jo ús mei Josels fermoedsoene.  
Jou allegearre dy't leauwe  
ferjouwing en frede, sa bidde wy  
en jou dat wy, befrijd fan sûnden,  
Jo tsjinje mei in fredich hert.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten           Jesaja 66:5-14  
Graduale         Ps. 133  
Epistel           Filippiërs 3:17 - 4:3  
Halleluja         Halleluja. Al jo wurken moatte Jo tankje,  
Heare, en jo geunstlingen moatte Jo  
priizgje. Se moatte de gloarje fan jo  
keningsskip útsizze. Halleluja.  
Evangeelje       Mattéus 22:15-22  
Liet fan 'e snein Ges. 475: Jou my, Hear, my los te sjongen

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Grutte en goede God,  
besterkje wat yn ús is  
oan leauwe, hope en leafde,  
dat wy dwaan meie  
wat Jo fan ús wolle,  
net heal of om't it moat,  
mar mei folle oerjefte.  
Dan sille wy geandewei ûnderfine  
hoefolle ús dêryn tasein is.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús jo Namme  
op 'e lippen lein hawwe:  
iepenje ús hert  
foar jo befrijend wurd,  
dat wy libje en Jo leafhawwe  
en dat ús bern jo hearlikheid sjogge  
sa't Jo ús dy sjen litten hawwe  
yn Jezus, soan fan David,  
dizze dei en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Tora	Deuteronomium 6:1-9
Antwurdpsalm	Psalm 1
Evangeelje	Mattéus 22:34-46

*Eingebed*

Jo, dy't ús behâld binne,  
jou takomst oan 'e wrâld,  
troch de Geast fan Jezus, jo Soan.  
Lit genede hearskje boppe rjocht;  
lit leafde it winne  
fan alle sucht nei macht.  
Lit minsken inoar  
oars neat skuldich wêze as leafde,  
dat se Jo en elkoar

each yn each sjen meie,  
hjoed en oant yn alle ivichheid.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't troch jo gerjochtichheid  
minsken oan it ljocht bringe wolle,  
iepenje ús eagen en earen  
foar de wurden  
dy't hope jouwe  
op in takomst fol frede,  
oan 'e hân fan Jezus,  
dy't ús al jo beloften takomme lit,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 59:9b-20
Antwurdpsalm	Psalm 13
Evangeelje	Markus 10:46-52

### *Eingebed*

Jo, dy't ús oerein helpe  
en ús de eagen iepenje  
troch Jezus, jo Soan,  
lit de hiele wrâld ynsjen  
wat ta frede tsjinnet:  
leafde en rjochtfeardigens  
yn soarch foar elkoar,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't ús net oan ús lot oerlitte  
en gjin minske nei de eagen sjogge,  
mar harkje nei allegearre  
dy't jo help ferwachtsje,  
iepenjejo Wurd foar ús  
en lear ús mei jo eagen te sjen.  
Meitsje fan ús barmhertige minsken,  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze oere en al ús libbensdagen.  
**Amen.**

Profeten	Jeremia 14:7-10,19-22
Antwurdpsalm	Psalm 84
Evangeelje	Lukas 18:9-14

### *Eingebied*

Jo, dy't jo hert ferlern hawwe  
oan lytse en ferhûddûke minsken,  
lit de wrâld in plak wurde  
dêr't wy ûngelokkich binne  
salang't minsken ferachte wurde.  
Kom en sterkje ús mei jo Geast  
om fierder te gean  
yn 'e wei fan Jezus, jo Soan,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**



## Sânde snein fan 'e hjerst

grien

30 oktober / 5 novimber

ELT: XXIV nei Trinitatis; AKT: nei Pinkster 26; RKT: 31e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan Dy't de HEARE frijkocht hat, komme werom,  
mei blide jubel komme se op 'e Sion,  
bekroane mei ivige blydskip.  
(Jesaja 35:10a)

Psalm Doe't de HEARE it tij fan Sion kearde,  
wie it suver as dreamden wy.  
Us mûle die oars net as laitsjen  
en ús tonge wie kleare blydskip.  
Doe seinen se by de folken:  
De HEARE hat grutte dingen oan har dien.  
De HEARE hat ek grutte dingen oan ús dien,  
dêrom wienen wy sa bliid.  
(Psalm 126:1-3)

of: (berime) Psalm 126:1,2

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Hear, ús God,  
yn Kristus binne Jo de opstanning en it libben  
en troch syn oerwinning hawwe Jo foar ús  
gerjochtichheid, heil en blidens wûn.  
Wy bidde Jo:  
skink ús út jo goedens in fleurich bestean  
en lied ús oant yn 'e takommende ieu.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Jesaja 48:12-22  
Graduale Ps. 126:3  
Epistel Kolossers 1:9-14  
Halleluja Halleluja. De HEARE hat grutte dingen oan  
ús dien, dêrom wienen wy sa bliid.  
Halleluja.  
Evangeelje Mattéus 9:18-26  
Liet fan 'e snein Ges. 38: De Hear seit: slaan myn wurden  
acht

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

God fan genede en leafde,  
as wy by steat binne  
om Jo en elkoar te segenjen,  
dan belibje wy dat as in segen fan Jo.  
Hâld ús de hân boppe de holle,  
de hiele wei lâns dy't wy geane,  
jo takomst yn 'e mjitte,  
dat ús libben net om 'e nocht is  
foar Jo en foar de minsken om ús hinne.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, Earste en Lêste,  
yn jo wysheid  
wolle Jo ús it paad wize  
nei jo frede,  
jou ús ûntsach foarjo Wurd,  
en fernij jo ferbûn mei ús,  
dat wy minsken wurde dy't ree binne  
om de Breugeman yn 'e mjitte te gean,  
Jezus, jo Soan,  
en yn te gean yn jo keninkryk,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Skriften	Spreuken 9:1-18
Antwurdpsalm	Psalm 43
Evangeelje	Mattéus 25:1-13

*Eingebed*

Hear ús God, Boarne fan freugde,  
wy tankje Jo,  
dat Jo alle minsken noegje  
ta it brulloftsfeest  
fan jo keninkryk.  
Jou ús aloan  
de krêft fan jo Geast,  
dy't ús opmerksum makket

op 'e tekens fan jo komst,  
hjoed en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't allinne God binne en ús Ferlosser,  
lear ús te harkjen nei jo wurden,  
lear ús te kiezen foar it libben  
dat sterker is as de dea  
en dat ús ferskynt yn Him  
dy't jo trouwe Tsjûge is,  
Jezus, ús Liedsman,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Skriften	Job 19:23-27a
Antwurdpsalm	Psalm 119:1-8
Evangeelje	Markus 12:18-27

### *Eingebed*

Jo,  
dy't ús nammen skreaun hawwe  
yn 'e palmen fan jo hân,  
bring ús byinoar yn jo keninkryk,  
dêr't minsken inoar leafhawwe  
en har burgen witte yn Jo.  
Jo, dy't al fan ús hâlde  
ear't wy jo Namme útsprekke.  
Lit dy ús behâld wêze  
troch Jezus, jo Soan,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, dy't fol blydskip minsken roppe  
ta in nij bestean,  
sprek jo Wurd ta ús  
en meitsje fan ús minsken dy't dielhawwe  
oan Jezus, jo Soan,  
dat wy sa it libben fine,  
dat kleure is troch hoop,  
leafde en gemiensumens,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Genesis 12:1-8
Antwurdpsalm	Psalm 32
Evangeelje	Lukas 19:1-10

### *Eingebied*

Jo, wa't himel en ierde tabehearre,  
kom yn ús hûs en bliuw by ús,  
gean mei ús op ús wegen  
yn it betrouber wurd fan Jezus,  
jo leave Soan.  
Help ús oerein, dat wy minsken wurde  
dy't inoar foar fol oansjogge  
en it goede plak tariede,  
dizze dei en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## Achtste snein fan 'e hjerst

grien

6 / 12 novimber

ELT: XXV nei Trinitatis, op twa nei lêste snein fan it liturgysk jier;

AKT: nei Pinkster 27; RKT: 32e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan Myn bitter lijen is yn heil feroare, ja,  
Jo hawwe my fol leafde yn 'e ear-  
men nommen en út 'e ôfgrûn fan 'e  
ûndergong tild.

(Jesaja 38:17)

Psalm Jo, HEARE, hawwe jo lân begeunstige,  
yn it lot fan Jakob ha Jo omkear brocht.  
Help ús oerein, o God, ús behâlder,  
sjoch ôf fan jo wrevel oer ús.  
Wis, syn heil is deunby dyjingen  
dy't foar Him ûntsach hawwe,  
en sa sil syn gloarje wer yn ús lân wenje.  
Trou brûst út 'e grûn  
en it rjocht komt frij út 'e himel del.

(Psalm 85:2,5,10,12)

of: (berime) Ps. 85

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Jo, God, Ivige, boppe alle machten,  
dy't ús in nije himel  
en in nije ierde tasein hawwe,  
dêr't gerjochtichheid wennet,  
wy bidde Jo:  
lied ús troch jo Geast,  
dat wy de takomst fan jo Soan ferwachtsje  
en yn hillige wannel Him temjitte geane.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Jesaja 48:1-11

Graduale Ps. 103:1,2,3

Epistel 1 Tessalonikers 4:13-18

Halleluja Halleluja. Lykas in heit begrutsjen hat  
mei

syn bern, hat de Heare begrutsjen mei

dy't Him tsjinje. Halleluja.  
Evangeelje           Mattéus 24:15-28  
Liet fan 'e snein   Ges. 279: 't Is nei-oan dei en de oere let

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Sterke en leafdefolle God,  
alles wat ús yn 'e wei stiet  
om minsken fan Jo te wêzen,  
kear dat by ús wei.  
Lit neat of nimmen ús behinderje  
om yn alle frijheid  
Jo te tsjinjen.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, Hillige fan Israel,  
dy't ús op wegen bringt  
dêr't wy frede fine,  
jou ús troch jo Wurd  
de wysheid dy't libje lit  
en lit ús fol langst  
útsjen nei jo keninkryk  
troch Jezus, jo Soan,  
dy't ús diele lit yn jo besit,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten            Jesaja 48:17-21  
Antwurdpsalm    Psalm 70  
Evangeelje        Mattéus 25:14-30

*Eingebed*

Skepper, God:  
meitsje fan ús dragers  
fan frede en wierheid,  
meitsje ús hannen,  
ús holle en hert  
ree om oaren

yn frijheid libje te litten,  
dat wy allegearre yngean sille  
ta it feest fan Jezus, jo Soan,  
dy't ús de leafde leart,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier B

### *Gebed fan 'e snein*

Ienige God,  
Jo, dy't jo Namme hilligje wolle  
ûnder de minsken  
troch frede en wolwêzen te skinken:  
iepenje ús hert  
foar it wurd fan de minske  
troch wa't Jo nei ús takomme  
en dy't ús leard hat  
Jo en ús neiste leaf te hawwen:  
Jezus Messias, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Levitikus 19:1-2,9-18
Antwurdpsalm	Psalm 146
Evangeelje	Markus 12:28-34

### *Eingebed*

Jo, dy't alle minsken  
byinoar bringe wolle yn jo keninkryk,  
wy tankje Jo foar jo genede  
dy't ûnder ús ferskynd is:  
Jezus, jo Soan;  
jou ús de krêft en de blydskip  
om Jo en inoar leaf te hawwen  
mei ús hiele hert,  
dat de ierde fernijd wurdt,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Barmhertige God,  
Jo dy't witte wat ta ús frede tsjinnet,  
wy bidde Jo:  
lit ús nei jo Wurd harkje  
en iepenje ús hert en hannen  
foar ús neisten,  
dat wy harren temjitte komme meie  
mei gerjochtichheid en rjocht,  
lykas Jo dy sjen litte  
yn Jezus, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 1:18-26
Antwurdpsalm	Psalm 17
Evangeelje	Lukas 19:41-48

### *Eingebied*

Jo, dy't begien binne mei minsken  
en diele yn har blydskip en fertriet,  
wy tankje Jo  
dat Jo by ús wenje wolle.  
Lit ús hûs  
in iepen wenning wêze foar elkoar  
dêr't wy Jo loovje meie  
en de wrâld fan tsjinst wêze kinne  
yn frede en gerjochtichheid  
troch Jezus, jo Soan,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**



## Njoggende snein fan 'e hjerst

grien

13 / 19 novimber

ELT: XXVI nei Trinitatis, op ien nei lêste snein fan it liturgysk jier;

AKT: nei Pinkster 28; RKT: 33e troch it jier hinne

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoon Mar de HEARE sit foar ivich op syn troan,  
Hy rjochtet de ierde rjochtfeardich.  
Sa is de HEARE in stins foar de ferdrukte  
wurden,  
in stins yn benaude tiden.  
(Psalm 9:8a,9a,10)

Psalm Ik wol de HEARE loovje mei myn hiele hert,  
al jo wûnderdieden ferhelje,  
ik wol bliid om Jo jubelje,  
jo namme besjonge, o Heechste.  
Want Jo ha foar myn rjocht yn 'e pleit  
west,  
Jo binne sels as rjochtfeardige rjochter  
op 'e troan sitten gien.  
Op Jo betrouwe, dy't jo namme kenne,  
want Jo, HEARE, ferlitte net, dy't Jo sykje.  
(Psalm 9:2-3,5,11)

of: (berime) Ps. 9:1,4,5

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Jo, barmhertige Heit, trúnje ús oan troch jo Geast  
dat wy jo Soan foar eagen hâlde,  
de Rjochter fan libbenen en deaden.  
Jou ús, sa bidde wy,  
dat wy aloan de dei fan syn kommen ferwachtsje  
en ús libbensdagen tawije oan jo tsjinst.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Tora Genesis 18:22-33  
Graduale Ps. 50:3,7,11  
Epistel 2 Tessalonikers 1:3-10a  
Halleluja Halleluja. De himel ferkundiget syn  
gerjochtichheid, de wiere rjochter is ús  
God. Halleluja.

Evangeelje            Mattéus 25:31-46  
Liet fan 'e snein    Ges. 280: Ivich Rjochter, Jo dy't binne

MIENSKIPLIK LÊSROASTER

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

God fan ús hert,  
Lit it ús freugde wurde  
om oan Jo tawijd te wêzen.  
Lit ús ûnderfine  
dat ús lok earst echt is  
en folslein,  
as wy ticht by Jo libje,  
boarne fan alles wat goed is  
en ferkwikkend.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Ienige en algoede God,  
trochjo Wurd  
hawwe Jo alles skepen  
en Jo sille it oerein hâlde  
troch jo leafde foar minsken.  
Sprek op 'e nij ta ús  
en wiis ús it goede plak  
om minsken te wurden  
neffens it byld fan jo Soan,  
Jezus Kristus,  
dy't ús Liedsman ta it libben is,  
hjoed en oan de ein fan ús dagen ta  
**Amen.**

Profeten            Ezechiël 34:11-17  
Antwurdpsalm    Psalm 90  
Evangeelje        Mattéus 25:31-46

*Eingebed*

Hillige God, heech te priizgjen is jo Namme,  
want Jo wenje ûnder ús yn Jezus,  
de Tsjinner fan 'e minsken.

Jou dat wy Him sjogge  
yn de earme en ferhúddûke minske  
en skink ús syn Geast  
om frede te bringen op ierde,  
dat wy rjocht dogge oan allegearre  
oer wa't jo ljocht opgiet  
en jo keninkryk yngean meie,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Skepper fan himel en ierde,  
iepenje ús eagen  
foar de wiere ienfâld  
dêr't Jo ús mei diele litte  
yn jo ûntferming  
en jou ús fertrouwen  
yn jo Wurd fan belofte:  
Jezus, de Minskesoan,  
op Wa't allegearre hoopje,  
dy't fan jo genede libje,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora Exodus 30:11-16

Antwurdpsalm Psalm 16

Evangeelje Markus 12:38 - 13:2

### *Eingebed*

Jo, dy't Jo ûntfermjje  
oer riken en earmen  
en alle dagen jo ljocht opgean litte  
oer goeden en ferkearden,  
jou ús dat betinken  
dat yn jo Soan Jezus Kristus is,  
dy't ús leard hat te sjen,  
hoe't wy diele meie yn jo oerfloed  
en inoar yn alle ienfâld tsjinje kinne,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Ivige God,  
foar Wa't allegearre libje  
dy't burgen binne yn jo Namme,  
stel ús iepen foar jo Wurd.  
Kom mei jo Geast  
om ús hert te ferljochtsjen  
en lit ús útsjen  
nei de komst fan jo ryk,  
dêr't Jezus, jo Soan,  
de libbene Tsjûge fan is,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Tora	Exodus 3:1-15
Antwurdpsalm	Psalm 98
Evangeelje	Lukas 20:27-38

### *Eingebed*

Jo, dy't jo Namme ûnder ús  
bekend makke hawwe  
troch Mozes en Jezus, jo Soan;  
Jo, dy't ús nammen skreaun hawwe  
yn 'e palm fan jo hân,  
bring ús byinoar yn jo ryk,  
dêr't minsken inoar leafhawwe  
en har burgen witte yn Jo,  
en lit ús sa libje  
dat dizze wrâld fol wurdt  
fan jo hearlikheid,  
hjoed en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

## Tsiende snein fan 'e hjerst

grien

20 / 26 novimber

ELT: XXVII nei Trinitatis, lêste snein fan it liturgysk jier; AKT: Foleining (lêste nei Pinkster); RKT: Kristus Kening (34e troch it jier hinne)

EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

### Introitus

Antifoan Ik allinne wit, wat Ik mei jim fan doel bin  
– is de godsspraak fan de HEARE – en dat  
doel is jim wolwêzen en net jim ûngelok;  
Ik wol jim in hoopfolle takomst jaan.  
(Jeremia 29:11)

Psalm Godsels, de HEARE, sprekt en ropt de ierde op  
fan sinne' opgong oant sinne' ûndergong.  
Fan 'e Sion, berch fan pracht,  
komt God no strieljend tefoare.  
Hy komt, ús God, en kin net mear swije.  
Frettend fjoer giet foar Him út  
en om Him hinne waait it in stoarm.  
Hy ropt de himel dêrboppe  
mei de ierde, om syn folk te rjochtsjen.  
(Psalm 50:1-4)

of: (berime) Ps. 50:1,2,11

### Gebed fan 'e snein (Collecta)

Heare God, Skepper fan himel en ierde,  
ús tiden binne yn jo hân.  
Stjoer mei hasten, sa bidde wy, jo leave Soan,  
dat Hy ús, syn breid, jo tsjerke,  
yn syn earmen nimme kin;  
en jou ús dat wy, de lampen baarnende,  
jo hearlikheid yngean meie.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Jesaja 65:17-23

Graduale Ps. 44:1,9,11

Epistel 2 Petrus 3:3-14

Halleluja Halleluja. Wy ferhearlikje God al den dei  
en loovje ivich jo Namme. Halleluja.

Evangeelje Mattéus 25:1-13

Liet fan 'e snein Ges. 262: Riis oerein! komt fan 'e muorren

*Gebed fan 'e snein (jier A-B-C)*

Grutte en genedige God,  
alles wat bestiet  
wolle Jo ûnder ien Haad bringe  
yn Jezus, de minske nei jo hert.  
Lit de dei ferrize,  
dat de hiele skepping,  
befrijd en feriene  
troch de krêft fan syn leafde,  
sûnder ein of kear Jo de lof tasjongt.

**jier A**

*Gebed fan 'e snein*

Jo, de Earste en de Lêste,  
Jo, dy't rjochtfeardich binne:  
sprek jo befrijend wurd  
en lit ús útsjen nei jo ryk.  
Lit ús de tekens fan 'e tiid ferstean  
en jou ús it betrouwen  
yn jo skeppende Geast  
dy't ús libben rjochting jout,  
dizze oere en oan 'e ein fan ús dagen ta.  
**Amen.**

Profeten	Daniël 12:1-4
Antwurdpsalm	Psalm 97
Brieven	1 Tessalonikers 5:1-11
Evangeelje	Mattéus 24:14-35

*Eingebed*

Jo, Kening fan 'e wrâld,  
Skepper fan himel en ierde,  
wy tankje Jo  
foar jo wierhaftige Tsjûge,  
Jezus, jo Soan.  
Jou dat wy fêsthâlde  
oan syn betrouber wurd  
dêr't wy ús libben troch leare te sjen  
yn jo ljocht

en ferlos dizze wrâld  
fan benearing en fertriet,  
hjoed en alle dagen fan ús libben  
oant yn 'e blydskip fan jo ivichheid.  
**Amen.**

## **jier B**

### *Gebed fan 'e snein*

Ferburgen God,  
Jo, dy't alles te'n goede keare:  
lit ús de tekens fan 'e tiid ferstean  
en jou ús betrouwen  
yn wat Jo ús  
yn jo Wurd tasein hawwe:  
Jezus, de Minskesoan,  
de hope foar alle gearre  
dy't útsjogge nei jo keninkryk,  
en longerje nei de befrijing,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Sefanja 1:14 - 2:3
Antwurdpsalm	Psalm 93
Twadde lêzing	Iepenbiering 1:1-8
Evangeelje	Markus 13:14-27

### *Eingebed*

Hoeder fan minsken:  
himel en ierde  
wolle Jo fernije  
yn Jezus, ús broer, de alfa en de omega.  
Meie wy syn wurden bewarje  
yn goede en kweade dagen,  
yn need en benearing,  
yn oarloch en twadracht.  
Hâld de hope yn ús wekker  
dat jo frede komt  
en Jo alles folslein meitsje sille,  
dizze dei en oant yn 'e blydskip  
fan jo ivichheid.  
**Amen.**

## jier C

### *Gebed fan 'e snein*

Jo, de Sinne fan 'e gerjochticheid,  
dy't sprutsen hawwe  
troch de mûle fan profeten en apostels:  
iepenje ús earen en eagen  
foar jo befrijend Wurd  
en meitsje ús wach op 'e tekens fan 'e tiid.  
Lit jo ljocht oer ús opgean  
en lis wysheid yn ús mûle  
troch Jezus, jo Soan,  
ús Hoeder en Kening,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten	Maleächy 3:19-24
Antwurdpsalm	Psalm 46
Twadde lêzing	Iepenbiering 3:7b-12
Evangeelje	Lukas 21:5-19

### *Eingebed*

Jo, dy't yn Jezus,  
ús wiere broer,  
in doar nei Jo iepenset  
dy't nimmen net slute kin –  
droegje ús eagen fan alle triennen  
en meitsje ús stânfêst,  
dat wy libje as segene minsken,  
yn jo Namme;  
bring alle folken ta fersoening  
en ienheid, yn in nij ferbûn  
dêr't Jo ús Heit en Mem yn binne,  
begjin en ein, Kening fan 'e wrâld,  
dizze dei en oant yn 'e blydskip  
fan jo ivichheid.  
**Amen.**



## **Biddei foar gewaaks en wurk**

*Earste woansdei yn maart (of snein of oare dei)*

### **jier A**

Skriften	Preker 2:20-26
Antwurdpsalm	Psalm 145
Evangeelje	Mattéus 6:19-23

### **jier B**

Skriften	Preker 3:1-13
Antwurdpsalm	Psalm 126
Evangeelje	Markus 4:1-9

### **jier C**

Profeten	2 Kroniken 1:7-13
Antwurdpsalm	Psalm 111
Evangeelje	Lukas 11:1-13

*of:*

### **jier A**

Tora	Deuteronomium 8:1-10
Antwurdpsalm	Psalm 104:21-30
Brieven	Filippiërs 4:4-7
Evangeelje	Mattéus 6:1-15

### **jier B**

Profeten	1 Keningen 8:35-40
Antwurdpsalm	Psalm 107:1-9
Brieven	2 Tessalonikers 3:6-13
Evangeelje	Markus 11:22-24

### **jier C**

Skriften	Job 28:1-11
Antwurdpsalm	Psalm 121
Brieven	1 Johannes 5:12-15
Evangeelje	Lukas 11:1-13

## EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

*Introitus*

## Antifoaan

Fan 'e memmeskurte ôf  
 hat de HEARE my roppen.  
 Myn tonge hat Er in skerp swurd fan  
 makke,  
 yn it skaad fan syn hân hat Er my  
 ferburgen.  
 Hy hat in skerpe pylk fan my makke.

(Jesaja 49:1b-2)

## Psalm

Hoe gelokkich de man  
 dy't op 'e rie fan 'e ferkearden net yngiet,  
 op 'e wei fan 'e sûnders net stean bliuwt,  
 yn 'e gearsit fan 'e spotters gjin sit nimt,  
 mar langst hat nei de wet fan de HEARE  
 en dêroer mimert by nacht en by dei.  
 Hy is as in beam, oan wetterstreamen  
 plante,  
 dy't syn frucht jout op 'e tiid,  
 dêr't it grien net fan ferwylget.  
 Alles wat er docht bedijt.  
 Sa net de ferkearden, o nee.  
 Dy binne as tsjêf dat op 'e wyn ferwaait.  
 Dêrom kinne de ferkearden it net hâlde  
 foar it rjocht,  
 de sûnders net yn 'e rûnte fan 'e  
 rjochtfearrigen.  
 Want de HEARE stiet noed foar de wei fan  
 'e rjochtfearrigen,  
 mar de wei fan 'e ferkearden rint dea.

(Psalm 1)

of: (berime)

Ps. 1

*Gebed fan 'e dei (Collecta)*

Barmhertige God, Jo, Boarne fan alle ljochten,  
 dy't jo tsjinner Johannes  
 al foar syn berte útkeazen hawwe  
 om tsjûge te wêzen  
 fan it ljocht dat alle minsken ferljochtet,

wy bidde Jo:  
 jou ús de genede,  
 dat wy lykas Johannes Jo foar eagen hâlde  
 en sa Kristus yn ús waakse en sterk wurde litte,  
 jo Soan, ús Hear,  
 dy't mei Jo yn 'e ienheid fan de hillige Geast  
 libbet en regearret yn alle ivichheid.  
**Amen.**

Profeten	Jesaja 40:1-8
Graduale	Ps. 72:1,4,7
Epistel	Hannelingen 19:1-7
Halleluja	Halleluja. Heech te priizgjen is de Heare, de God fan Israel, dy't wûnders docht, Hy allinne. Halleluja.
Evangeelje	Lukas 1:57-68 [69-80]
Liet fan 'e dei	Ges. 165: Doe't Jezus foar it wetter stie

## EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

*Introitus*

Antifoan            Dan jou ik oan keningen jo útspraken  
troch  
en dêr hoech ik my net foar te skamjen.  
(Psalm 119:46)

Psalm                God is in skûle en ferwar,  
in help yn need, dy't Him fine lit.  
Dêrom binne wy net bang  
al komt de ierde fan it plak,  
al sinke de bergen wei yn it hert fan 'e  
seeën.  
Der is in hiel oare rivier,  
waans streamen de Godsstêd ferbliidzje,  
it hillichste wenstee fan de Heechste.  
God is yn har fermidden, hja wifket net,  
God helpt har as de moarntyd komt.  
(Psalm 46:2-3,5-6)

of: (berime)        Ps. 46

*Gebed fan 'e dei (Collecta)*

Hear, ús God,  
dy't jo folk Israel út Egypte fierd hawwe,  
wy bidde Jo:  
hilligje en bewarje jo tsjerke  
troch jo ivige ûntferming.  
En mei't hja sûnder Jo net yn frede bestean kin,  
bestjoer har aloan  
en lied har nei de rykdom fan jo genede.  
Troch jo Soan, Jezus Kristus, ús Hear.

Profeten            Jesaja 62:6-7, 10-12  
Graduale          Ps. 119:11, 12  
Epistel             1 Timoteüs 6:11b-16  
Halleluja          Halleluja. Want de HEARE is ús skûle en  
ús skyld, God sil geunst en gloarje jaan.  
De HEARE ûntkeart it goede net oan har  
dy't rjochte wegen geane. Halleluja.

Evangeelje  
Liet fan 'e dei

Mattéus 10:26-33  
Ges. 402: O kristenfolk, ferbliidzje jim

## EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

*Introitus*

Antifoan            Loovje de HEARE, jim ingelen, jim sterke  
helden, dy't syn wil folbringe.  
(Psalm 103:20)

Psalm                Lit al wat yn my is de HEARE loovje,  
it djipste fan myn wêzen syn hillige  
namme priizgje.  
Lit al wat yn my is de HEARE loovje,  
en net ien fan syn woldieden ferjitte.  
Loovje de HEARE, al syn legers,  
dy't Him tsjinje en dogge wat Hy wol.  
(Psalm 103:1-2,21)

of: (berime)        Ps. 103:1,8,9

*Gebed fan 'e dei (Collecta)*

Hear, ús God,  
Jo hawwe op wûnderlike wize ingels en minsken  
yn jo tsjinst om jo dieden te ferkundigjen.  
Wy bidde Jo: jou ús genede,  
dat ús libben op ierde yn goede en kweade dagen  
beskerme wurdt troch de boaden fan jo heil,  
dy't ree steane ta jo tsjinst.  
Troch Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten            Jozua 5:13-15  
Graduale            Ps. 103:2,3,4  
Twadde lêzing    Iepenbiering 12:7-12  
Halleluja            Halleluja. Loovje de HEARE, al syn wurken,  
yn alle oarden dêr't Hy regearret.  
Halleluja.  
Evangeelje        Mattéus 18:1-11  
Liet fan 'e dei    Ges. 485: O Kristus, lof en eare.

## EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

*Introitus*

- Antifoon Jo binne heech te priizgjen, HEARE,  
ûnderrjochtsje my yn jo foarskriften.  
Mei myn lippen tel ik alle útspraken dy't  
Jo dien hawwe, op.  
(Psalm 119:12-13)
- Psalm Ik bin like bliid mei de lange rige fan  
jo útspraken  
as mei alle rykdommen byinoar.  
Ik wol oer jo oarders neitinke  
en jo paden achtslaan.  
Ik bin bliid mei Jo foarskriften  
en noait wol ik jo wurd ferjitte.  
(Psalm 119:14-16)
- of: (berime) Ps. 119:1,6,7

*Gebed fan 'e dei (Collecta)*

Hear, ús God,  
besterkje en bevestigje ús yn jo hillich wurd  
en help ús, sa bidde wy,  
dat it yn ús frucht drage mei yn leauwe en died,  
ta lof en eare fan jo Namme.  
Troch jo Soan, Jezus Kristus, ús Hear...

- Tora Genesis 15:1-6
- Graduale Ps. 84:5,6
- Twadde lêzing Iepenbiering 14:6-7
- Halleluja Halleluja. Want de HEARE is ús skûle en ús  
skyld, God sil geunst en gloarje jaan. De  
HEARE ûntkeart it goede net oan har dy't  
rjochte wegen geane. Halleluja
- Evangeelje Johannes 2:13-22
- Liet fan 'e dei Ges. 310: Bewarje ús, Heare, by jo Wurd.

## EVANGELYSK-LUTHERSK TSJINSTBOEK

*Introitus*

Antifoan Jubelje, rjochtfeardigjen, om de Heare,  
de oprjochten foeget in lofsang.  
(Psalm 33:1)

Psalm Sjong de HEARE mei de lier,  
spylje foar Him op 'e tsiensnaar.  
Want it wurd fan de HEARE is rjocht,  
kleare trou binne al syn dieden.  
Hy hâldt fan rjochtfeardigens en rjocht,  
en fan de HEARE syn geunst is de ierde fol.  
Troch it wurd fan de HEARE is de himel  
makke.  
(Psalm 33:2,4-5,6a)

of: (berime) Ps. 33:1,2,8

*Gebed fan 'e dei (Collecta)*

Jo, ivige God, boppe alle machten,  
Jo binne de Hillige en yn Jo wurde wy hillige.  
Jou ús, sa bidde wy,  
dat it leauwe fan harren dy't ús foargien binne  
ús diele litte mei  
yn jo oerfloedige barmhertichheid,  
dêr't wy oprjocht nei útsjogge.  
Troch jo Soan, Jezus Kristus, ús Hear...

Profeten Daniël 12:1-3  
Graduale Ps. 34: 1, 2, 4  
Twadde lêzing Iepenbiering 7:2-12  
Halleluja Halleluja. Kom by My, allegear dy't wurch  
en swier beladen binne, en Ik sil jim rêst  
jaan. Halleluja.  
Evangeelje Mattéus 5:1-12a  
Liet fan 'e dei Ges. 103: De hill'gen, dy't fan God ferkard



*Gebed fan 'e dei (jier A-B-C)*

Hillige God,  
in grutte mannichte is ús al foargien,  
ûnbekenden en bekenden,  
mar allegearre foar Jo ûnferjitlik,  
minsken mei in namme.  
Lit de ferbûnens mei harren  
ús hjir en no oantrune  
om te wêzen dêr't Jo ús ta roppe:  
in lid fan it lichem, in stim yn it koar,  
in stien fan jo bouwurk.

*of:*

O God, as wy al jo hilligen betinke,  
grut en lyts, dy't ús foargien binne  
op 'e wegen fan jo ljocht,  
wol ús dan troch harren bemoedigje  
om oan 'e ein ta  
jo wei te gean,  
jo heil te sykjen,  
jo namme te earjen.

**jier A**

*Gebed fan 'e dei*

Ivige God,  
yn 'e himel en op ierde  
hawwe Jo jo Namme hillige  
troch it libben en it stjerren  
fan jo tsjûgen;  
wol ús trochjo Wurd ûnderrjochtsje,  
lit ús ferrize yn jo ljocht  
en jou dat wy jo hearlikheid sjen meie  
troch de barmhertichheid fan Jezus, jo Soan,  
dizze oere en alle dagen fan ús libben.  
**Amen.**

Profeten            Jesaja 60:1-11,17-22  
Antwurdpsalm    Psalm 138 [34:1-10,22]

Twadde lêzing Iepenbiering 7:2-4,9-17  
Evangeelje Mattéus 5:1-12

### *Eingebed*

Jo,  
dy't de sêftmoedigen lokkich neame,  
gean ús foar op 'e wei fan frede  
en lit ús jo bern wurde  
dy't sterke wurde troch jo Geast,  
dat de hiele wrâld diele mei  
yn 'e freugde dy't gjin ein nimt,  
om 'e wille fan Jezus, jo Soan,  
dizze dei en ús hiele libben.  
**Amen.**

### **jier B**

*Gebed fan 'e dei en Eingebed as yn jier A*

Profeten Jesaja 60:1-11,17-22  
Antwurdpsalm Psalm 138 [24]  
Twadde lêzing Iepenbiering 7:2-4,9-17  
Evangeelje Mattéus 5:1-12

### **jier C**

*Gebed fan 'e dei en Eingebed as yn jier A*

Profeten Jesaja 60:1-11,17-22  
Antwurdpsalm Psalm 138 [149]  
Twadde lêzing Iepenbiering 7:2-4,9-17  
Evangeelje Mattéus 5:1-12

## Tankdei foar gewaaks en wurk

*Earste woansdei yn novimber (of snein of oare dei)*

### **jier A**

Tora	Deuteronomium 24:14-15
Antwurdpsalm	Psalm 65
Evangeelje	Mattéus 20:1-16

### **jier B**

Skriften	Spreuken 6
Antwurdpsalm	Psalm 67
Evangeelje	Markus 4:26-34

### **jier C**

Skriften	1 Kroniken 29:10-16
Antwurdpsalm	Psalm 103
Evangeelje	Lukas 17:11-19

*of:*

### **jier A**

Tora	Deuteronomium 8:6-18 [28:1-14]
Antwurdpsalm	Psalm 65
Brieven	2 Korintiërs 9:6-15
Evangeelje	Lukas 12:16-30 [17:11-19]

### **jier B**

Profeten	Joël 2:21-27
Antwurdpsalm	Psalm 126
Brieven	1 Timoteüs 2:1-7 [6:6-10]
Evangeelje	Mattéus 6:25-33

### **jier C**

Tora	Deuteronomium 26:1-11
Antwurdpsalm	Psalm 100
Brieven	Filippiërs 4:49 [Iepenbiering 14:14-18]
Evangeelje	Johannes 6:25-35

